

DE BILTSKE WASSENAARS

HEIN JAAP
HILARIDES

DE BILTSKE WASSENAARS

IN FAMILJESKIEDNIS

*en kronyk fan in kavel / mei leafdesferhalen, oarloggen, / revolúsjes, politike
opstannen, / nijsjes, gedichten, brieven, / moppen, spreuken, buertpraatsjes, /
beskriuwingen fan it waar en wurksumheden, / opbringsten fan gewaaksen en
stannen / fan sinne, moanne, stjerrebylden / en oare himellichems*

ROMAN

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân,
Douwe Kalma Stifting en Stifting FLMD.

Marijke de Boer (korreksje Frysk), Pieter de Groot (korreksje
Liwwadders), Sytse Buwalda (korreksje Bildts), Sytse Keizer (kaartsjes).
Tige tank!

© 2026 Hein Jaap Hilarides | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing omslach: Jelle F. Post

Foarmjouwing binnenwurk: Julien Hoekstra-Kermans | DTP-Atelier

Omslachbyld: Jean-François Millet, *L'Angélu* (1857-1859), Public domain
via Wikimedia Commons

ISBN 978 94 6471 396 1

NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei
fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen,
fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike
tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, Hellingbaas 1,
8401 JH De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl. Tekst- en
datamining fan (dielen fan) dizze útjefteis útdruklik net tastien.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

www.heinjaap.nl

De Biltske Wassenaars is diel ien fan trije boeken oer in fiktive famylje Wassenaar. Earder ferskynden diel twa en trije, *Beppe Xenia* en *De trekker fan Troje*.

Oerienkomsten mei ferhalen en/of persoanen út de Wassenaar-famyljes fan It Bilt binne folslein tafallich.

Foar ús heit en mem

YNHÂLD

Oan de lêzer 9

Prolooch 11

FRIJHEID

I De earste Wassenaars

De reis nei Sassenheim 14

Willem Stevens 16

De fjouwer soannen fan Willem en
Emerentia 17

It testamint fan Willem Stevens 19

Barthout en Aafje 21

It twadde houlik fan Barthout; it
Ingelske swit 23

De jierdei fan Barthout 24

II Marrie Barthouts

De dea fan Barthout 27

De splitsing fan de kavel 27

De begraffenis fan Willem
Bonteman 28

In nije flier fan estriken 28

Breetje 29

De merke fan Aldebiltsyl 31

De ferballing 34

De brief oan de kening; de jas 37

De duvel wennet ek yn de holle fan
in muonts 38

De dingen barre gewoan 39

De Alderheljenfloed 41

Ingel fan it kwea 42

De besite fan de Kommandeur 44

It famke dat de sinne ropt 44

De ripe weet 46

Sibrandus Leo 47

III Barthout Claesz

De majolica-tegels 49

De Armada en oare notysjes 52

Mei de sotten sot, mei de wizen
wiis 54

De dea fan Claes Stevens 55

De bloedreade wolk 57

Blinkend slyk 58

Stjergefallen, in berte en de
wapenserk 60

De erfenis fan Marrie Barthouts 61

De dea fan Willemtsje 63

De Lândeï 64

Nudi coloni I 65

De dea fan Barthout 67

GELIKENSENS

IV De Barbeel en de earste ierappels

De Barbeel 70

De merke fan Grins 72

De non fan Sion 76

Fiter 80

It grapke mei de loarte 81

It probleem fan it wetterlossen op It
Bilt 82

Under it rak 84

De fûnling 85

De earste ierappels 88

De krystfloed fan 1717 89

Hynder op 'e rin 90

De pacht fan de hiele kavel 92
De dea fan De Barbeel 94
It boek fan it libben 96
De brân 98
Claas Boijens en Neeltsje 99
Nudi coloni II 101

V Cesar en Cleopatra Wassenaar

De duvel op besite 102
De keap fan de kavel 103
De ynventaris 105
Kofje fan Egbert Douwes 108
It libben is in hynstemark 110
Cleopatra en Cesar 111
De ynbraak 113
Orange, blanche, bleu 115
De quadrille français 116
De dea fan Cesar en Cleopatra 118

VI Dr. Cornelis en Hoite Peisel

Dr. Cornelis 119
Hoite Peisel 119
Met zwaard en schild voor 't vrije
Bildt 120
Hoite by de Wassenaars 121
Petear yn Frjentsjer 123
De promoasje fan Cornelis 124
Leaver goed achterút as ferkeard
foarút 126
Tsien oer read 128
It twadde houlik fan Hoite Peisel 131
De dea fan Hoite Peisel 132
De flecht fan dr. Cornelis 136

VII De Frânske revolúsje op It Bilt

In sek ierappels 138
De wrakseling op it Súdein 140

Regearje is foarútsjen 141
In Pinkstertisdei 143
Kening Loadewyk 145
Arjen en Antsje 146
De Russyske fjildtocht 147
De kozakken 152
De dea fan Arjen Jans 154
Meier Jehannes Siderius 155

VIII Arbeiders yn de skimermoarn

Winter yn 'e simmer 157
De wetterfloed fan 1825 157
Skepsels yn de baan tusken sinne en
moanne 161
Arbeiders yn de skimermoarn 164
De âlde sate 165
De ferkeap fan de susterpleats 166
De skinking fan Jehannes en
Antsje 168
Boijen Klazes 170
De besite fan de nije kening 172
It Ierappelproer 173
De goarren fan de wrâld 175
Boijen Lears 177
De drip en it moarmer 178

BRUORSKIP

IX Saksyske kanarjes

De earste stien 182
Oarloch op De Krim 184
De Ingelske tún 186
Spoaren yn it lânskip 188
In hoekje fan de wrâld 190
De heareboer 192
De brulloft fan Frederik en
Naan 195
De berteleppel 197

Op 'e pleats 199
It ûngemak mei de tilbury 202
In diskusje oer keunstdong 205
Saksyske kanarjes 207
De treinreis nei Saksen 209
Wykmerk yn Harns 213
De iersyksters 216
De arbeidershúskes 218
Seringen foar Dirk Auwerd 220
Masines mei hynders 222
Karbústich waar 224
Wite swannen, swarte swannen 226
De ballonfardersklok 229
De ferkeap fan de Bouckhorst 231

X Boeren en arbeiders

Pake Boijen 235
A demain les affaires 237
Ploechdriuwersjonge 240
De hynstekeuring 241
De dea fan Maaïke 244
Waterloo-dei 245
De Nijstêdparade 248
Middelpuntwikende krêft I 250
Middelpuntwikende krêft II 253
De tsjoen fan de tsjerne 255
Philip 257
Nije moanne 258
De hynstetrein nei De Haach-
Dúndigt 260
Jakobskrúskrûd 263
De hannekemaaiers 265

Boeren en arbeiders 268
De jonge Klaas 269
De stiennen yn it lân 272
De dea fan Frederik Boijens 274

XI Klaas en Pyt

It Earste Maaiefeest 277
Abbekaat fan de arbeiders 281
In kar fan it hert 283
Yn de skuorre fan Pel 285
Troel 288
Priizgje de dream 290
De ferloving fan Pyt en Sjoukje 292
De ferloving fan Klaas en
Sietske 293
Oan ien wurd genôch 296
It paad fan it lot 297

XII Broedertrouw

De gearkomste yn De Zalm 300
Bij de dúvvel in de leer 301
Alde Maaie 301
It petear mei Van Tuinen 303
Twaalf sint 305
Underkrûpers 307
De Balksters 308
Moarnsread 309
In stik bôle 310
In fizjoen 311
Flaaksbrake 312
Ringwjirms 314



De wichtichste persoanen 316

Kaarten 318

Noaten 324

Oan de lêzer

Ik ha de stikken lân fan de Biltske Wassenaars ploege mei de pinne en besocht de hynders rjocht nei de foareker te lieden. Under it wurk ha ik de hurde noardwestewyn, de stjalprein, de trochwiete slinken en de balstjoerige blauwe Belgen stean moatten. Mar ik ha trochskreaun oant de famyljeskiednis ta de lêste fuorge omflapt wie.

Krekt as de omploege klaai fan It Bilt feroaret dizze kronyk fan stal. Op in stuit hingje ik de oerjas fan de fantasy en de oerdriuwing oan de kapstok. Ik lûk dan de blauwe kile oan fan de boeren en arbeiders en beskriuw de Bilkerts sa't se binne: grutsk, dwers foar de kop, sûnder sentimintele tierelantinen en mei in ûnferwoastbere wil nei frijheid.

De skriuwer

PROLOOCH

De Noardsee wie greidlân.

Hiele grutte harten, sabeltosktigers en wolhierrige noashoarnen frieten it soppige gers. Der rûnen ek mammoeten mei readbrún hier en kromme slachtosken yn de steppe.

Doe waard it teiwaar. It iis begûn te teien. Stadich kaam it seewetter omheech. De opdrûge see streamde wer fol mei wetter.



De minsken bouden seaddehuzen op de wâlen. De bulten oan 'e râne fan de see neamden se terpen. De kij en skiep rûnen yn de kwelders, want op de seeklaai wie genôch te fretten.

Winterdeis teagen de terpbewenners nei heger lân.

Troch de slykfjilden kronkelen soalen en slinken. By elke floed sûgen se har fol mei wetter. Op it slyk groeide keizelwier, seegers, seekraal, see-alsem en see-aster. Seehûnen leine op sânbanken of jagen yn 'e brune puollen op hjerring, spjirring en salm. Seefûgels brochten mei de giele poaten it slyk yn trilling en fongen wjirmen út it drûchfallen Waad.

Reagers pikten mei de lange snaffel fiskjes út de soalen. Tusken de moksel- en oesterbanken sochten smjunten, einen, tjirken, reidsjongers, wytstirnsen, leppelbekken, burdmieskes, giele boumantjes, piipljurken, strânljippen, guozzen, mûzefalken en wikels nei iten op de sâlte seeboaiem.

It Bilt lei doe noch as in hânfol grize, neakene skoarren foar de kust.



In pear tûzen jier letter rûn in Wassenaar op dizze klaai. Barthout Willems wie in kolonist út Hollân. Ut Sassenheim, om krekt te wêzen.

FRIJHEID

I

DE EARSTE WASSENAARS

De reis nei Sassenheim

Barthout sloech krekt in grutte stikel om, doe't Aafje it raapfjild opstapte mei in brief. Hy sette de stâl fan de skoffel yn 'e rapen en rûn syn frou yn 'e mjitte. It socht om it lêste mei syn heit.

De oare moarns sieten Barthout en Aafje ier en betiid mei de bern yn 'e sjeas. Se rieden nei De Lemmer en namen it beurtskip nei Amsterdam.

'Hoe lang duorret de oertocht?' frege Aafje.

It beurtskip fear de haven fan De Lemmer út. De hjerstsinnne skynde op har ljochte hier. Se hie de skieding yn 'e midden en it hier yn in troedel draaid. In pear losse hierren skitteren yn 'e sinne.

'In goed oere,' sei Barthout.

Hy sloech de rjochterskonk oer de lofter en lei de earms op syn poarperen pofbroek. De losse hoazzen, bestikt mei goudtried, ferdwûnen ûnder de knibbels yn syn soepele, learen learzens. Hy tearde de hannen yninoar en sloech se om 'e knibbels. It like krekt as hie er himsels beet. Dy hâlding wie typysk foar in Wassenaar. Syn heit siet ek faak sa.

Aafje snie twa stikken bôle en in pear stikken tsiis. Se smarde de bôle mei fette boerebûter en lei dêr de stikken tsiis op. Ien fan de stikken bôle joech se oan Barthout. Se oerlange har man ek noch in stik bôle mei pikelhjerring. Doe joech Aafje lytse Willem it boarst. Claas, de âldste soan, lei te koesen op 'e bank. Hy hie de holle by har op 'e skurte.

Barthout kôge op in hompe bôle om en dikere oer it wetter fan 'e Sudersee. Hy hie in wammes en in brede jas mei pofmouwen oan. Teisters fan syn donkere hier sprongen ûnder in baret wei. Barthout hie altyd in glêd gesicht hân. Mar sûnt er in pleats op It Bilt hierde, liet er in ringburdsje stean. Hy hie de sate fan syn heit oernommen. Syn heit en mem wiene weromgongen nei Sassem, sa't sy Sassenheim

neamden. Dêr stie it stamhûs fan de Wassenaars. Tweintich jier earder hiene Barthout syn heit-en-dy it doarp yn Hollân efterlitten.

‘Wolst de skiednis fan de Wassenaars nochris fertelle?’ frege Aafje.

Barthout iet de mûle leech en sei: ‘De earste Wassenaars treffe wy oan yn it greefskip Hollân. Tusken de bosken benoarden Voorhout en Sassenheim en de dunen fan Wassenaar lei in grut lânbougebiet yn it wetterlân. De Wassenaars hiene altyd trou oan de greef fan Hollân west en sa harren macht fergrutte. Ien fan harren wie Filips van Wassenaar. Dizze Filips van Wassenaar is de stamheit fan de Wassenaars. Hear Filips hie in stins yn de omkriten fan Wassenaar. Filips syn frou stoar oan in groulike sykte. Nei har dea makke hy in tocht nei it hillige lân.’

‘Ik tocht dat de Wassenaars nochttere boeren wiene,’ murk Aafje drûchwei op.

Lytse Willem lei leaf te sliepen yn de wide ûnderrok fan syn mem. Hy hie it bûkje fol mei tate.

‘Nee,’ sei Barthout en stiek de lange piip oan. ‘De mankelike mimering siet der by de Wassenaars al betiid yn.’

Aafje widze lytse Willem in bytsje. Hy makke lûdsjes yn ‘e sliep.

‘Hoe sit it ek alwer mei it famyljewapen?’ frege se. ‘Dêr bist dochs sa grutsk op?’

Barthout blaasde in grutte plom reek út en stuts fan wâl. Mar doe waard lytse Willem wekker. Hy seach slûch om him hinne. Barthout wie stil en liet de eagen oer de Sudersee gean. De kust fan Hollân wie tichtby kommen. De pakhuzen en tsjerketuorren fan Medemblik stutsen ôf tsjin in seeloft mei in reuseftige, lange wolk. It beurtskip dine op de weagen fan de see, de wyn struts by syn holle lâns en de sinne baarnde op syn hûd. It wie brodzich septimberwaar, Barthout hie it waarm en die de jas mei pofmouwen út. Hy sloech no de lofterskonk oer de rjochter. Doe lei Barthout de earms werom op ‘e skonken yn ‘e pofbroek en sloech de hannen wer yninoar as hie er himsels beet.

Aafje hie in kleur krigen fan de sinne. Har holle stuts ôf tsjin de ljochtblauwe loft. Se helle de halsdoek út har bopperok, dy’t mei blommen borduerd wie, en luts Willem nei har ta. Se liet him wer oan it boarst sobje. De poppe slobbere de tate op as hie er in wike gjin drinken hân.